

Taspraak Gysbert Japicxpriis foar poëzij 2021

Froulju en manlju,

It is in grutte ear dat ik hjir it wurd fiere mei út namme fan Nynke Heeg en Hein Jaap Hilarides, dy't mei my de advyskommisje foarmen foar dizze Gysbert Japicxpriis.

It wurk dat wy as komisje dien hawwe, wie in syktocht nei de bêste poëzijbondel yn de Fryske taal fan de ôfrûne fjouwer jier.

Dy syktocht bestie út it lêzen fan 50 dichtbondels. Dy bondels hawwe wy hifke en ferlike en doe hawwe wy fan gedachten wiksele oer de ynhâld.

Dat proses wol ik hjir yn trije stappen koart behannelje.

1. Bepale hokker skaaimerken meitsje dat in gedicht of in bondel fan gedichten better is as de oare. Mei oare wurden: op hokker kritearia basearje jo jo oardiel?
2. Bepale hokker bondels it bêste oan dy kritearia foldogge.
3. It bepalen fan de winner.

Stap 1. De kritearia

Poëzij is foarm, mar dy foarm moat de ynhâld stypje. Net oarsom. Uteinlik moatte jo de kwaliteit mjitte oan it effekt dat in tekst – koart of langer – hat op de lêzer. Rekket it jo? Docht it jo wat? Goede poëzij set de holle en de sintugen yn beweging. In goed gedicht makket jo lilik, bliid, tryst, dêr kinne jo om laitsje, of slacht jo de grûn ûnder de fuotten wei.

De tekst moat wat mei jo dwaan. Dat waard ús útgongspunt.

It foargeande - poëzij moat wat mei jo dwaan - makket ek dat de tapassing fan kritearia it karakter hat fan in rasjonalisaasje efterôf. It is net sa dat jo sizze: it gedicht moat tusken de 10 en 20 wurden wêze, it moat rymje en dan is it goed. Nee, it is yn alle estetyske prosessen oarsom. Jo sjogge in prachtich skilderij en jo freegje jo ôf werom oft jo it prachtich fine. Jo lêze in prachtich gedicht dat jo rekket en dêrnei freegje jo jo ôf werom oft jo it prachtich fine.

Wêr't wy foarôf net perfoarst nei sochten, mar dat wy achterôf al tsjin oan rûnen, wienen saken as:

1. De gedachte, de tematyk en foaral hoe dy ferwurde wurdt. Sit der in djippere betsjutting yn? Wurdt der mei taal boarte? Is de taalkar ferrassend, aardich, djipsinnich?
2. De foarm. Stipet de foarm de ynhâld? Wurdt yn in sonnet, bygelyks, de fal, de omslach tapast om it ferrassingseffekt te krijen dat de measte goede sonnetten hawwe? Wurdt it ritme konsekwint brûkt. Is der sprake fan twongen rym?
3. Technyk. Helpe dichtmiddels as rym, metrum en enjambemint – as dy al brûkt wurde – om de ynhâld te fersterkjen?



Wy hawwe faak praat oer de fraach oft de fakmjittigens fan de dichter al of net yn de gedichten ta utering kaam. En wêrom by de iene wol en by de oare net? Stike it op it brûken fan tefolle wurden, of just te min? Dogen de metafoaren net? Wienen de fersen te hermetysk of fertelden se just fiersten tefolle? Sokke dingen hawwe wy as kommisje befregge.

In goede dichter kin mei wurden en techniken in tekst meitsje dy't effekt hat. Goed dichtsjje is net allinne de útdrukking fan talint, mar ek de útdrukking fan ien syn ûntwikkeling en ynteresses.

Dat is fakmjittigens. Metrum, wurdlingte, sinslingte, foarm, ynhâld, toan: alles moat klopje. De lêzer moat by it lêzen net stroffelje oer in strofe, in sin, in wurd, in lêsteken. En op syn aldermoaist is it fers dan ek noch goed foar te dragen.

Stap 2. De bondels

De rispinge fan de Fryske poëzij yn de ôfrûne 4 jier wienen 50 bondels fan ûngefear 40 skriuwers.

In grut ferskaat kwa tematyk, foarm, lingte, toan.

Wat falt op:

1. It ferline liket by in protte Fryske dichters grutter as de takomst. It giet faak oer doe. Dat soe wolris wat sizze kinne oer de leeftiid fan de dichters...
2. Wat wy ek seagen, wie in soad twatalich wurk – Frysk en Hollânsk. By guon hawwe wy ús ôffregge wat de oarspronklike taal wie. Net dat dat hiel relevant is, mar dochs....
3. De fisuele kultuer dy't oeral opkomt, hat ek de Fryske dichters te pakken. In protte bondels binne in kombinaasje fan tekst en byld, faak foto's.
4. In hiel opfallend skaaimerke fan de bondels sit yn it persoanlike karakter fan in soad teksten. Dat fertsjinnet mear taljochting.

Tsjin de ein fan de njoggentjinde iuw waard it Hollânske literêre lânskip oerhearske troch in streaming dy't harsels de 'Tachtigers' neamde. Fan har foaroanman Willem Kloos is de definysje fan keunst en literatuer as "de allerindividueelste expressie van de allerindividueelste emotie".

De yndividualisearring is sûnt dy tiid fierder gong – yn de maatskippij, mar ek yn de literatuer en foaral yn de poëzij. Kloos hat ynfloed hân – poëzij wurdt hjoed de dei faak sjoen as in persoanlike utering. Soms hiel persoanlike uteringen. Dat blykt ek út de rispinge fan de Fryske poëzij fan de ôfrûne jierren. In grut part fan de bondels befettet teksten dy't sa ticht by it hert fan de skriuwer lizze dat se muoilik tagonklik foar in lêzer binne.

Dat fenomeen bringt my werom op ús útgongspunt: poëzij moat wat mei jo, de lêzer, dwaan. Dat is in mjitstêf dêr't de 'alderyndividueelste ekspresje' net altyd oan foldocht.



Wy hawwe as advyskommisje socht om teksten dy't eat oerdrage, teksten dy't kommunisearje. Teksten dy't betsjutting hawwe foar lêzers. Teksten dy't rekke binne en dy't reitsje.

It wie op grûn fan dizze kritearia net hiel dreech om in skifting te meitsjen en ta in koarte list te kommen. Der wienen in stik of 8 bondels dy't der nei ús tinken boppe-út stutsen.

Stap 3. De winner

It bepalen fan de winner. Dat wie in stik dreger. Hokker fan dy bondels is de alderbêste?

Dat wie it stuit dat wy breder sjen moasten. Hoe stiet de dichter bygelyks yn de Fryske tradysje fan it dichtsjen? Lûkt sy of hy de line fan Gysbert Japicx, de bruorren Halbertsma, Piter Jelles Troelstra, Obe Postma, Hessel Miedema en Tsjêbbe Hettinga troch nei it no?

Dy dichter en dy bondel hawwe wy by eintsjebeslút fûn.

Wy hawwe útsteld om de Gysbert Japicxpriis 2021 ta te kennen oan Eeltsje Hettinga foar de gedichten dy't hy fan 2017 oant 2019 makke as 'Dichter fan Fryslân'.

It giet dêrby net om in bondel yn tradisjonele sin, mar om in webside en in bylage by de beide Fryske kranten. Wy fine dat gjin probleem. It is gewoan in moderne publikaasjewize.

Yn 'Dichter fan Fryslân' wurdt poëzij op in geweldige wize mei polityk en mei de dwylsin fan de dei ferbûn. It wurk hat in rykdom oan sitaten, altyd te plak, út literatuer, skiednis en (pop)muzyk. Boppedat is de behearsking en kennis fan de taal en fan it ûnderwerp fan skriuwen fabeleftich.

Dizze dichter fynt himsels hast by alle gedichten opnij út, sa't er dat earder ek al die yn oare bondels. Hy slagget der no ek noch yn om de aktualiteit te ferbinen mei poëzij. Hy makket fan it nijs in fers en fan in fers it nijs of in stik skiednis.

Ien koart foarbyld út it gedicht 'De fearten':

*... As bloed rûn molke
de fearten yn: in ferset tsjin alles wat
it hert út djipste fan frijheid helle.*

Op in geweldige poëtyske wize lit de dichter de lêzer de pine fan de Molkestaking fiele.

Ek in dreech ûnderwerp as de Brexit wurdt yn 'Dichter fan Fryslân' ta poëzij makke. Yn 'Westminster Bridge' wurdt yn dichtrigels skynber achteleas sawat de hiele Brexit ferklearre en tagelyk it gefoel fan ûnmacht ynfielber makke.



Foar alle protesten, nijsberjochten, klachten, mar ek oades en memoria fynt Hettinga in nije foarm. En dy foarm jout de ynhâld fan it gedicht altyd ekstra krêft en lading mei.

Dat alles makket 'Dichter fan Fryslân' yn ús eagen ta it bêste dat de Fryske poëzij de ôfrûne jierren opsmitten hat.

Oertsjûgje josels.

Dêrmei earje wy ek in dichter dy't al in ryk oeuvre op syn namme hat.

Ut namme fan de advyskommisje de hertlike lokwinsken oan Eeltsje Hettinga.

Froulju en manlju,

Ik wol ôfslute mei in pear wurden fan tank.

Om te begjinnen tank oan Deputearre Steaten foar de earfolle opdracht en it betrouwen dat yn ús steld is.

Dan myn persoanlike wurd fan tank oan myn twa oare kommisjeleden, Nynke Heeg en Hein Jaap Hilarides, foar de gearwurking. De iepen geast en it kritysk fermogen fan har beiden hat my in soad wille en stof ta neitinken jûn. It trochsettingsfermogen om yn hiele drege persoanlike omstannichheden dochs dit wurk te dwaan, is bewûnderingswaardich. Ik koe harren beiden earder net persoanlik, mar no wol. Dat is in foarrjocht.

Dan by einbeslút - en dan wer út namme fan de hiele advyskommisje - in wurd fan tank oan alle dichters fan Fryslân. Dat jimme der binne en dat jim dichtsje, jout oan dat ús lange literêre tradysje libben is. Nim ús wurden dan ek net te ernstich, mar brûk der fan wat jim brûke kinne en ferjit de rest. Jim krewearjen is weardefol, want allinne dêrtroch bliuwt ús literêre tradysje libben.

Ik haw sein.

